

Saterdei 27 septimber

Wy binne byelkoar foar de toanieldei yn Utert.

Der is in delegaasje fan de toanielferiering fan Amersfoort (3), fan de toanielferiering fan Assen (4) en 1 fertsjinwurdiger fan Bodegraven.

Douwe Fierstra hjitte ús allegear wolkom en winske ús in noflike learsume dei ta.

Wy begongen mei in lekker bakje kofje as tee.

Jelmar Hoekstra is de dosinten fan dizze dei.

Sy hat Tsjechov heech yn it faandel.

Spylje yn it "hjr en no" .

Je lichem- en ferbyldingskrêft goed ûntwikkelje.

Earst ha wy útspannings- en konsintraasje-oefeningen dien.

Efkes wekker wurde sei Jelmar, efkes it stiif wurden fan it treinreizgjen fuort bewege.

Doe ha wy **binnenkomsten** oefene. (ien foar ien)

- ❖ Lit oan ús sjen datst yn de keamer fan dyn twillingsuster wat sikest wat fan dy is en datst werom ha wolst.
- ❖ Lit oan ús sjen datst yn dyn bertehûs komst.
- ❖ Lit oan ús sjen datst mei dyn moaie klean oan yn de stal stapst by dyn freondinne om har op te heljen.
- ❖ Lit oan ús sjen datst, te betiid, yn dyn basisskoallelokaal komst foar in reuny.

En no mar net tinke dat it nei ien kear goed wie, it moast kear op kear wer op nei.

Goed ynfiel **wa** ot je binne, **wêrom** at je dêr binne, besykje sjen te litten **wêr** at je binne en hoe't it **fielt** om dêr te wêzen.

"Probearje it yn dyn tinzen foar dy te sjen, libje dy hielendal yn" sei Jelmar.

Goed konsintrearje!!!!!!!

Dêrnei ha wy mei-elkoar **ferbeeldings** oefeningen dien.

Jelmar fertelde dat wy yn in bosk wine, dêr kuierden en doe wat midden op it paad lizzen seagen.

Wy moasten it oanreitsje, beet pakke at dat koe, snúfe ensa. Mar it objekt waard grutter en wat diene wy elk foar sich der doe mei.

Elk moast nei de oefening fertelle wat hy/sy fûn hie en dêrmei belibbe hie.

Hiel moai om nei ôfrin te hearen hoe at elk it belibbe hie.

Doe wie der **skoft**.

De reuk fan lekkere krocketten kaam ús al te mjitte. (foar sommige wiene der 2 om't der op mear minsken rekke wie)

Der wiene broadsjes (wyt as brún) mei tsiis as ham, broadsjes mei neat foar de krocket en broadsjes gesûn.

Wy koene wer kofje en tee drinke, molke en sinasappelsop.

En de stie in koer mei lekker fruit.

Efkes it iten fertrêdzje, as lekker yn it sintsje sitte op it balkon.

Nei it skoft gongen wy wer oan de bak.

Wy wurden ferdielt yn groepkes fan 3 en moasten scenes spylje, 2 mochten der prate en de 3^{de} sei neat.

De tekst dy't wy krigen wie foar A : wat dochsto hjir?

B: ik bin werom.

A: dat sjoch ik mar wêrom?

B: ik hâlde it net langer út.

De 3^{de} persoan hie gjin tekst mar it moast wol te sjen wêze dat hy/sy mei spile.

De groepkes moasten sels de ynfolling betinke.

Sa as "wêr spillet it, wa binne it, kinne se elkoar" ensa fierder.

Griet en Hans (ien fan de trije Hansen) moasten it wit hoe faak oer dwaan.

Wie dit om't se sa moai tegearre neist elkoar sieten? (it wie suver in foto wurdich).

Fêst net want ek de oaren hienen it nei ien kear net ûnder de knibbel en wie it Jelmar net nei it sin.

Froozen momint hjitte it folgjende wat wy dienen.

Troch de romte bewege en op in teken fan Jelmar stean bliuwe .

Om je hinne sjen en dan op in teken fan Jelmar begjinne mei in scene wêrot je tochten yn te sitten.

Dit wie in bytsje rommelich en foar de ien wat dúdliker as foar de oare.

It neipetear ha wy bûtendoar hâlden op it balkon ûnder it genot fan in bakje kofje as tee.

Wy ha in soart leart dizze dei fan Jelmar en sy hat it ek mei in protte enthousiasme brocht.

Der binne noch in soart dingen oan de oarder kaam wat toaniel oangiet en dat wie hiel noflik sa op it balkon yn't sintsje.

Om sawat 4 oere is elk syn/har wei wer gong.

Utert, tige tank foar de gastfrijens en oant oare jier, wêr dan ek mar yn Nederlân.

Delegaasje Assen, Tea Haanstra.